

Feestje bouwe



Feestje bouwe

It reint al de hiele moarn.
 Romke leit yn syn koer te sliepen.
 Tomke sit op 'e bank.
 Hy wit net wat er dwaan moat.
 Kornelia sit yn 'e stoel en suchtet.
 'Ik ha hjoed nergens sin oan', seit se.
 Klop klop klop!
 Dêr is Yana Yu, mei in grutte tas yn 'e hân.
 'Hallo!' ropt se fleurich.
 No komt Tomke fan 'e bank.
 En Romke springt út syn koer.
 'Wat hast dêr?'
 'Wat sit dêr yn dy tas?'
 Yana Yu leget de tas boppe de tafel.
 Der rûgelje alle gear flachjes út.
 'Sjoch ris,' seit se, 'ik ha ek stikkers meinaam.
 Dêrmei kinne we de flachjes fersiere.'
 Kornelia komt derby stean.
 'Wat in leuk idee, Yana Yu', seit se.
 Eefkes letter binne se drok oan it stikkerplakken.
 Kornelia docht ek mei.
 Wat is dit in leuk wurdje.
 De flachjes wurde sa moai!
 As alle flachjes beplakt binne,
 nitet Kornelia se oan in tou.
 No is it in lange slinger.
 Kornelia hinget de slinger yn de keamer.
 It liket hiel feestlik.

'Ik wit wat,' seit Kornelia, 'wy bouwe in feestje.'
 Se sikut op har telefoon
 en eefkes letter skettet de muzyk troch de keamer.
 'Kom, Yana Yu!' ropt Tomke.
 Hy pakt har by de hân.
 Tegearde dûnsje se troch de keamer.
 Romke draaft der achteroan en makket gekke
 sprongen.
 En Kornelia?
 Dy dûnset ek! Se swingt en skoddet mei har earen.
 Wat ha se in wille mei-inoar!

Dan giet Kornelia nei de keuken.
 As se weromkomt, hat se foar elk
 in gleske drinken en wat lekkers.
 Wat smikkelse se dêrfan!
 Romke slikket him om it snûtsje en seit:
 'Sille we moarn wer in feestje bouwe?'
 'Jaaa!' roppe Yana Yu en Tomke.
 En Kornelia?
 Dy ropt ek: 'Ja!'

